



IT WEROMKOMMEM

(De terugkeer)



lenakter fan

MARIO FRATTI

Yn it Frysk oerset

Siep Jorna

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IT WEROMKOMMEN – DE TERUGKEER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **MARIO FRATTI** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2014 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv
© 2014 M. Fratti**

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **4** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Sylvia

Maso

Mem

De begelieder

Stim fan Maso syn suster

DEKOR:

In súntsjes ferljochte keamer, mei efteryn in helder ferljochte gong. Rjochts in doar mei dêrneist in net al te heech rût. Yn 'e finsterbank in pear planten.

(at it doek iepen giet, sit Sylvia te bordueren oan har breidsjurk. Even letter sjogge wy it nerveuze gesicht fan Maso foar it rût ferskinen)

Maso: Sylvia, bist dêr?

Sylvia: Tink om 'e blommen.

Maso: Wat dochst hjir yn 't tsjuster?

Sylvia: Ik bin oan 't bordueren. Stil no. Se is hjirneist.

Maso: Kin ik ynkomme?

Sylvia: Better fan net. Do fernielst de planten.

Maso: Even mar. Dan geane wy fuort.

Sylvia: Hjoed net. Do witst wa 't der weromkomt...

Maso: Nammerstemear reden om fuort te gean. Al dy triennen en tastânen. Lit my der no yn... Ast de doar net iepen dochst, dan kom ik troch it rût. *(Sylvia docht de doar iepen. Maso komt yn, nerveus. Hy besiket Sylvia te tútsjen)* Toe no, in lyts tútsje... Wat hasto doch?

Sylvia: Hjoed net.

Maso: Al dy blommen, dy tsjusterens... it is sa deprimearjend... Is sy dêr? *(Sylvia knikt)* Ik doch it ljocht oan. *(docht it ljocht oan en sjocht om him hinne nei it boartersguod, sketsboeken ensfh. mar sjocht net nei de jacks dy't oer de stoel hingje)* Se hat alles foar 't ljocht helle... It liket hjir wol sirkus. Wat dochst?

Sylvia: Sjochst dat net.

Maso: Dyn breidsjurk?

Sylvia: Ja.

Maso: De... de âlde?

Sylvia: Ik meitsje him. Ik koe him net fuortgoaie.

Maso: ...mei dat minske altyd om ús hinne... Wy moatte hjir wei.

Sylvia: Hjoed net.

Maso: Wachttest hjir op 'm?

Sylvia: Ja. En dat soesto ek dwaan moatte. Soest har der in hiele deugd mei dwaan.

Maso: Nee, ik net! Litte wy fuortgean. Ik smeeke dy...

Sylvia: Toe no, Maso... Sy is hjir. Do witst dat se ús altyd yn 'e gaten hâldt. Sels at se krekt docht, dat se ús net sjocht.

Maso: Ik wit it. Ik wurd der mislik fan.

Sylvia: Moatst net ferjitte, dat se hiel wat meimakke hat en noch hieltyd meimakket. Hjoed bygelyks. Se wie der al hiel betiid ôf. Se hat hjir alles klearsetten, de blommen, it boartersguod, de klean. Se hat sels syn rapporten fan 'e legere skoalle opsocht... God wit wêr't se dy fûn hat. Alles yn perfekte steat... sels syn pak. En sy docht grif har sneinse klean oan, tink om myn sizzen... Ik krij der pikefel fan... En de fragen dy't se hieltyd stelt...

Maso: Praat my net fan har fragen. Dy kinne dy folslein gek meitsje...
“Toskpoetste er wol?”... “Lake er?”... “Hie er it wol ris oer my”... Se bliuwt mar freegjen! Wy moatte meitsje dat wy hjir weikomme...

Sylvia: Hjoed sil se him “sjen”. Dêr is se fan oertsjûge. Se hat ús no nedich. It soe har dea wurde as wy no fuortgongen.

Maso: Freget se wol ris nei ús?

Sylvia: Noait.

Maso: Ik bin der wis fan, dat se it wit...

Sylvia: Ik bin der net wis fan. Se negearret it folslein. Nea in wurd, of wat dan ek mar...

Maso: Hat se it net yn ‘e gaten... dat wy inoar sjogge?

Sylvia: Ik ha in pear kear besocht, der oer te begjinnen, mar se harket gewoan net. Se is altyd yn tinzen...

Maso: Se hat sa’n útstrutsen gesicht, sa kâld... Ik soe der hiel wat foar oer hawwe om út dizze nachtmerje te kommen. Wy moatte har de wierheid fertelle.

Sylvia: Faaks krije wy dêr hjoed de kâns ta. Nei it weromkommen.

Maso: Moatst der wol om tinke, dat wy der net jonger op wurde. It is ús libben en...

Mem: *(op yn ‘e gong. Se draacht gjin swart. Tsjin Maso)* Moai datsto der bist. Wa steane der allegearre op it stasjon?

Maso: Freonen, findeldragers...

Mem: Hoefolle findeldragers?

Maso: Eh... twa.

Mem: En hoefolle freonen?

Maso: Folle mear...Sels de majoar is der. En immen fan ‘e krante. *(mem is grutsk)*

Mem: Se hâlde allegearre fan ‘m... Se lizze allegearre in claim op ‘m... *(bitter)* Se sille om him fjochtsje...

Maso: Dat is sa. Sels de pastoar is der. En de advokaat, Lorenzo.

Mem: Hoefolle... tinkst?

Maso: Hoefolle wat?

Mem: Freonen?

Maso: ...Eh... In stik of tsien. *(mem is teloarsteld)* It is in ferkearde tiid... De minsken binne allegearre oant wurk...

Mem: Wannear komme se hjir?

Maso: Se kinne hjir sa wêze. Sil ik se yn ‘e mjitte gean?

Mem: Nee!... Bliuw hjir. Hast al dat guod sjoen?... Dit wie syn moaiste jas... de lêste dy’t er kocht, foardat er it leger yngie... syn skuon, dy’t er oan hie by it jeien... hat er dy ea ferteld oer syn jeien?

Maso: Nee... wy hiene safolle swierrichheden... Hy hat it nea oer jeien hân.

Mem: Dit is syn earste piip. Hy wie achttsjin doe't er syn earste piip smookte... stikem... Ik kaam der pas letter efter. Hie er yn it leger ek ien?

Maso: (*op syn iepenst*) Hy makke der ien, mar koe him net brûke. Hy die it net. Dat haw ik al ferteld. We ruilen al dat bytsje goud dat wy hienen tsjin smokerij. Ik joech se myn horloazje... Ik wit net mear wat hy hie. Ik leau net dat er goud by him hie.

Mem: Smoke en ite tagelyk, seidest tsjin my. Om waarm te bliuwen. Sylvia frege my der lêsten nei. Se begriep it net. Wolsto it har útlizze?

Maso: Wy namen in mûlfol reek en diene der dan in stik bôle by... Wy holden it salang mooglik yn 'e mûle, sûnder der op te kôgjen, dan loste it fansels op. Sa bleaunen ús magen waarm.

Sylvia: Wie jimme bôle ek swart, lykas uzes?

Maso: By ús fergelike wie dy fan jimme wyt.

Mem: Dit binne syn sketsboeken... Syn earste tekeningen... in boat, in mûs, in appel... Hat er de bern dêr wol opmurken? Prate er wol ris mei har?

Maso: We seagen se net folle. Hy prate net in soad. Om syn krêften te sparjen. Hy seach ek net nei se om. It wie ek better foar josels om dat net te dwaan. It wie fierstente pynlik...

Sylvia: Hoe âld wiene dy bern?

Maso: De jongste dy't ik sjoen ha, wie in jier as twa. Froulju dy't swier wiene waarden daliks ôffierd nei de gaskeamers.

Sylvia: Waarden de bern fan harren âlders skieden?

Maso: Ja. Allinne yn ús blok wiene al sa'n fjouwertûzen bern. Se wiene net yn steat om te wurkjen. Dêrom krigen se de "spesjale behanneling"...

Mem: Fertel Sylvia der ris wat mear oer...

Maso: It wie in nachtmerje... De âlden joegen har bern al it goud en de juwielen dy't se by har hienen. At it dan tiid wie foar de "spesjale behanneling"... it heucht my noch, in famke... se wie fel en bonken, smoarch fan bloed en triennen... Yn harren haast om in earbel fan har ôf te pakken, skuorden de nazi's har ear iepen. It blette as...

Mem: Seach Enrico dat ek? Wat die er?

Maso: Hy seach it net. Hy wie earne oars...

Mem: (*tsjin Sylvia*) Hy moat it mei dy wol ris oer bern hân ha...

Sylvia: ...Ja...

Mem: Wat sei er? Woe er in soad bern?

Sylvia: Minstens twa of trije. Hy pleage my dermei...

Mem: Wêrom?

Sylvia: Yn myn famylje binne allinne mar famkes.

Mem: Dat is ek sa. Hy woe graach jonges. Wat sei er noch mear?

Makke er plannen foar harren takomst?

Sylvia: ...Nee, net echt... Allinne oer har opfieding. Hy woe dat se goede studinten wurde soenen.

Maso: En doch, yn it konsintraasjekamp hiene mannen mei in berop de measte kâns om te oerlibjen... Se holden it langer fol. Dejinge mei sterke rêgen, dy't it swiere wurk wend wiene, mannen mei yl op 'e hannen. Of minsken dy't in fak leard hiene, lykas monteurs of skroars. Ik wol dat myn soan skroar wurdt. Dy hawwe it allegearre oerlibbe... hast allegearre.

Mem: Der komme gjin oarloggen mear! Gjin konsintraasjekampen!

Maso: Nim my net kwea ôf... sa bedoelde ik it net. Jo moatte net tinke dat ik... Sels Sylvia wol dat har soan studearjen giet. Allinne foar it gefal dat, sille wy him in fak leare... Sylvia wol ek dat ús soan...

Mem: Ssssstt! (*wiist nei it rût*) Hy komt deroan.

Maso: Ik rin se yn 'e mjitte.

Mem: Nee! Wy wachtsje hjirre, allegearre.

Maso: Ik wit net at se hjir wol stilhâlde... Se komme hjir allinne lâns op wei nei tsjerke... (*mem stiet foar it rût. We hearre fuotstappen oankommen, mooglik muzyk. Sylvia en Maso steane efter mem nei bûten te sjen*)

Mem: Dy kiste...wat is dy lyts! Myn bern! Myn earne bern! (*ôf*)

Sylvia: ...Hoe komt dy kiste sa lyts?

Maso: It is allinne mar jiske... En ek noch net iens sines.

Sylvia: Hoe witsto dat?

Maso: Tûzenen... Allegearre tagelyk.

Sylvia: It is hast net te leauwen... Sa jong, sa moedich... It is ferskriklik, Maso...

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto